

FERSEN FOAR FOKJE
syklus fan Piter Jelles Troelstra

BERTUS MULDER

FERSEN
FOAR FOKJE

SYKLUS FAN
PITER JELLES TROELSTRA

BORNMEER

Dizze útjefte is ta stân kommen mei stipe fan Tresoar.

© 2020 Bertus Mulder útjouwerij Bornmeer

Foarmjouwing omslach & binnenwurk Barbara Jonkers
Omslachbyld crayon-tekening Fokje Pasma, Tresoar
Printwurk Wilco, Meppel

ISBN 978 90 5615 719 7

NUR 524 306

Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige en/of iepenbier makke wurde troch printsjen, fotokopy, mikrofilm of op hokker wize ek, sûnder dat dêr skriftlike tastimming oan foarôf giet fan útjouwerij Bornmeer, postbus 234, 8400 AE De Gordyk, Nederlân – info@bornmeer.nl.

Bornmeer is in ymprint fan
20 leafdesdichten en in liet fan wanhoop bv

www.bornmeer.nl

www.bertusmulder.nl

YNHALD

- 7 Ynlieding
- 29 Fersen foar Fokje, de syklus
- 1 REIN – 31
 - 2 SNEINTEMOARN – 32
 - 3 IERDE EN HIMEL – 33
 - 4 FOARJIER – 34
 - 5 DO NAAMSTE MYN ROMER – 35
 - 6 DE SULVEREN MAR – 36
 - 7 IN INGEL – 37
 - 8 IT WIE... – 38
 - 9 DE NACHT WIE STIL – 39
 - 10 DE HJERST HET DE SIMMER TE HOF BROCHT – 40
 - 11 IN FUGEL – 41
 - 12 WEROM?... – 42
 - 13 HOE LOKKICH! – 43
 - 14 IT SKYNSEL – 44
 - 15 YN 'E BRANING – 46
 - 16 IK JOU DE WYN MYN SUCHTEN MEI – 47
 - 17 WY WIENE TEGEARRE – 48
 - 18 OAN 'E KANT FAN 'E MAR – 49
 - 19 HJERST-FANTASIJE – 51
- 54 Ferantwurding



Jongfeinte lok en lijen

Ynlieding

Yn 1960 wie it hûndert jier lyn dat Piter Jelles Troelstra te wrâld kaam. Der wiene betinkings, yn Den Haach, Stiens en Ljouwert. It Ljouwerter programma jûns yn de Harmonie rjochte him op de dichter Piter Jelles yn de foarm fan in deklamatoarium mei de titel 'De Sjonger fan Rispinge'. It wie skreaun troch de sekretaris fan it tariedingskomitee, de sjoernalist J.P. Wiersma. Wiersma makke fan de gelegenheid gebrûk om de namme fan de anonime faam fan Piter Jelles út it foarste diel fan syn Tinkskriften nei bûten te bringen. Se hjitte Fokje Frânses Pasma en kaam fan Westermar.

Wiersma

Wiersma wie mei syn boek oer de agraryske skiednis fan Fryslân *Erf en Wereld* (1959) stjitten op Hendrik Frânses Pasma, de man fan de 'Deenske kommisje' fan de Friese Maatschappij van Landbouw. Dy kommisje hie yn in reis fan twaëntweintich dagen neigien wêrom bûter út Denemarken en Sweden

yn Londen in bettere beoardieling krige en mear opbrocht as de bûter út Fryslân. Pasma hie sels earder al nei Londen west.

Wiersma hie praat mei de yn Fryslân wenjende neiteam fan dizze Pasma, mei ds. Frans Pasma, menniste foargonger fan Grou, en mei syn susters, Anne Pasma fan it Hearrenfean en Akke van der Hoek-Pasma fan Ljouwert.¹ Sy wiene bern fan de âldste pakesizzer fan Hendrik Pasma, Hendrik Frânses Pasma jr. Dizze Hendrik jr. hie boer west op de pleats yn Westermar, dêr't er as jongkeardel fan syn zoste oant syn 25ste buorke mei syn fiif jier jongere suster Fokje. It wie in buorkerij mei yn 1881 30 kij, 7 kalve rierren en 13 keallen. Fokje waard as jongfaam fan fyftjin jier boerinne op de pleats fan har âlden, dy't nei it Kampereilân ferhuze wiene.

As der immen bûten Fokje weet hie fan de ferhâlding tusken har en de Ljouwerter gymnasiast Piter Jelles Troelstra wie it dizze broer. En as der earne ferhalen hingjen bleaun wiene, soene dy te finen wêze moatte by de bern fan Hendrik jr. En dat oerkomt Wiersma. Hy is op 'e syk nei ferhalen oer Hendrik Pasma sr. en stjit by Anna Pasma thús op in crayon-tekening fan in jonge Fokje Pasma. Sy is de anonime faam yn *Wording*. Hy hat dy ûntdekking moai op 'e tiid dien, krekt foar de Troelstra-betinking. Halje-trawalje reizget er yn jannewaris 1960 ek noch nei Santpoort om mei de âldste dochter fan Fokje, Anna Wemelsfelder-van Dam te praten.² Hy lit klisjees fan de tekening meitsje en in ôfdruk ferskynt yn it programaboekje fan de betinkingsjûn. Foar in grut publyk krige de eardere faam fan Piter Jelles in gesicht. Soan Jelle Troelstra

en Piter Jelles syn twadde frou Sjoukje Troelstra-Oosterbaan wiene oanwêzich by de betinking. Oft dy der bliid mei wiene, seit it ferhaal net.

Wiersma hie yn 1949 de útjefte fan de tredde printinge fan de dichtbondel *Rispinge* (1909) fan Piter Jelles op 'e noed naam. Hy wie thús yn syn fersen en mei help fan Anna Pasma kin er net allinnich de namme fan Fokje bekend meitsje, mar ek oanjaan dat in tal fersen dy't Piter Jelles skreaun hie, har ûntstean tankje oan syn omgong mei Fokje. Hy ferrjochtet dermei pionierswurk. Fokje is 'de iennichste faam, dy't er yn *Wording* as boarne fan syn dichterlike ynspiraasje yn de *Gedenkschriften* neamt', skriuwt Wiersma.³ Hy wiist as fersen oer Fokje oan *Wêrom...*, *Hoe lokkich*, *It Skynsel*, *Yn 'e Brâning*, *Ik jow de wyn myn suchten mei*, *Wy wiene tegearre*, mar ek *Wûnderblom*, *Hwat de letters jin sizze en Ik naam dy op myn knibbel*. It is Wiersma lykwols net dúdlik wêrom de dichter it fers *Wêrom* oan it begjin fan dizze de rige set hat. It hie, tinkt er, oan de ein stean moatten, want dat fers makket tige dúdlik dat de ferhâlding tusken dichter en faam in knûk krige hie.

Dy observaasje kloppet. Wiersma hat him op in ferkeard spoar sette litten. Yn *Rispinge* jout Piter Jelles in yndieling fan syn fersen neffens tiid fan ûntstean. Hy jout in 1 oan de fersen út de perioade 1880-1882 en in 2 oan de perioade 1883-1887, syn studintetiid. En hy skriuwt yn *Wording* dat er 'in het begin van mijn studententijd een meisje had leren kennen, een wees, reeds op haar 18e jaar staande aan het hoofd van het boerenbedrijf, door haar broeder beheerd'.⁴ Hy ferbynt de

ferkearing mei Fokje oan syn studinteperioade en Wiersma folget him deryn. Sa ûntgiet it Wiersma dat it fers *Wêrom* in grut tal foargongers hat dy't hearre by it sifer 1.

Wiersma komt mei mear nijs. Sûnder it te hawwen oer *Erf en Wereld* en sûnder de nammen fan ds. Frans Pasma, Akke van der Hoek-Pasma en Anna Pasma te neamen, skriuwt er: 'Tafallich mei hiel oar wurk dwaande, kaam ik pinfiskjenderwei te witten, dat Fokje Pasma yn dichtwurk in antwurd skreaun hie op Piter Jelles syn fers *Wêrom?*. En ek dat it jit yn ôfskrift bestie. It slagge my al gau, Fokje har beskje yn hannen te krijen, al wie it dan ek net yn har eigen hânskrift. Dy't my it ôfskrift besoege, sei tsjin my: 'Hea, is dat foar jo wat nijs? Ik tocht dat oaren dat ek wol wisten'.

Jan Piebenga – auteur fan *Koarte Skiednis fan de Fryske Skriftekennisse* (1939) – wie it mei in F. ûndertekene fers opfallen troch 'syn Heine-eftige toan, syn licht synisme en syn direktens'. Hy koe it net thúsbringe.⁵ No komt Wiersma mei in auteur. As it him ûntstriden wurdt dat Fokje it tsjindicht *Wêrom...* skreaun hawwe soe, reagearet hy dêrop mei it artikel *Fokje Pasma dichteresse*.⁶

Yn in grut kranteartikel yn *Het Parool* fan 1961 (ik kaam it ferskillende kearen kreas bewarre tsjin by de neiteam fan Fokje) giet er der op troch.⁷ Hy skriuwt dat Fokje foar Piter Jelles syn 'wûnderblom' wie, ûnder ferwizing nei it fers fan dy namme. Letter hat Tineke Steenmeijer-Wielenga dúdlik makke dat it fers *Wûnderblom* (en de derop folgjende fersen) net op Fokje, mar op Sjoukje Bokma de Boer slagge.⁸ Wiersma

hâldt ek hjir fêst oan de periodisearring sa't Piter Jelles dy yn de tekst fan *Wording* oanjoech, troch te skriuwen oer in 'romantische periode uit de studententijd van mr. P.J. Troelstra'.

Dizze periodisearring wurket oant de dei fan hjoed troch. Yn de ynlieding ta de *Samle fersen* wurdt de ferkearing mei Fokje keppele oan syn stúdzje yn Grins.⁹ Tineke Steenmeijer-Wielenga hat út de yndieling opmakke dat de fersen út de jierren 1880-1882 net oer Fokje Pasma gean kinne.¹⁰ Yn syn mûnske biografy oer Piter Jelles, *Politicus uit hartstocht* (2010) situearret ek Piet Hagen de ferkearing mei Fokje yn de Grinzer stúdzjeperioade, al lit er dy begjinne yn Piter Jelles syn gymnasiumperioade.¹¹

Hokker fersen?

Yn *De jonge Piter Jelles* (2017) weage ik it mei in oare ynstek: nei myn idee wie it earste fers fan Piter Jelles oer syn leafde foar Fokje Pasma it fers *Rein* fan augustus 1881. Op syk nei de fersen fan Piter Jelles oer Fokje wie ik ôfgien op de persoanlike toan, op de directe belutsenheid en de min te fernearen ôfhinklikheid fan in fereale Piter Jelles. Derta haw ik de *Samle fersen* trochwest, se op my ynwerkje litten en in tal oanstreke. Yn de *Samle fersen* steane dy fier út elkoar.¹² Ik kaam op fyftjin fersen en ien liet.¹³ Ferfolgens haw ik *Rispinge* derop neisjoen. En ta myn ferrassing fûn ik dêre dy fyftjin gedichten as ien blok werom yn de rubryk 'Jongfeinte lok en lijen'. De rige begjint mei *Rein* en einiget mei *wiene tegearre*.¹⁴

Dizze yntuïtieve wurkwize koe oanfolle wurde mei wat Piter Jelles der yn *Wording* oan teheakke. Hy skriuwt sels: ‘in verschillende gedichten van mijn Friesche bundel opgenomen, kan men uitingen vinden van de stemming die zij [Fokje Pasma] op mijn dichtelijk gemoed uitoefende’. Op de ôfslutende side 278 jout er dat kreker oan: ‘Zie ‘Rispinge’, pag. 104 tot en met de eerste regels van pag. 107.’ Yn de earste printinge binne dat de fersen *Rein, Ierde en himel, Foarjier, Do naamste myn romer, De sulveren mar, In Ingel en It wie...* Dy fersen, opnommen yn de dichtbondel *It jonge Fryslân*, binne skreaun yn it tiidrek 1880-1882.

Mar ik wie der noch hieltyd net wis fan. Ferwiisde Piter Jelles wol nei de earste printinge fan *Rispinge*? Yn de twadde printinge fan *Rispinge* (1920) giet it om oare fersen, en wol om *It skynsel, Yn 'e brâning, Ik jou de wyn myn suchten mei en Wy wiene tegearre*. Foar mysels krige ik earst wissichheid doe't ik yn it Troelstra-argyf by it IISG yn Amsterdam de manuskripten fan de Tinkskriften trochnaam. Yn it typoskript fan *Wording* is der mei de hân byskreaun: ‘Zie *Rispinge*, 1e druk p. 104 en de eerste regelen van p. 107.’¹⁵ Dermei wie it helder: de ferwizing is nei de earste printinge fan *Rispinge* en it earste fers oer Fokje is dus *Rein*.